

Merkposisjonearring Fryslân



# sels mei-inoar dwaan

# Merkposisjonearring Fryslân

## **Wêrom in merkposisjonearring?**

Fryslân is in merk. Dat merk is troch de iuwen hinne laden en wurdt alle dagen op 'en nij laden troch wat wy dogge en wat wy – en oaren – sizze. Wy moatte bewuster mei it byld fan Fryslân omgean. Yn Fryslân sels likegoed as (fier) dêrbûten. Dizze merkposisjonearring tsjinnet as stipe fan ús eigen identiteiten, ús eigen ferhalen en ús eigen proposysjes. As yndividuën, as organisaasjes en as oerheden. As in iepen mienskip. It is in fûnemint dêr't wy op bouwe kinne as wy sels mei-inoar dogge.

## **Hoe is dizze merkposisjonearring ta stân kommen?**

Yn opdracht fan Ynnovaasjepakt Fryslân en provinsje Fryslân hawwe Robert Govers, Lianne Lugies en Martin Boisen (For the Love of Place) in merkposisjonearring foar Fryslân ûntwikkele. Dêr wurken ynwenners fan Fryslân oan mei, Friezen út de keunst- en kultuersektor, de wittenskip, it ûnderwiis, it bedriuwslibben en de oerheid. Mar ek Friezen dy't bûten de grinzen fan de provinsje en Nederlân aktyf binne. It resultaat fan dat alles is hjir gearfette. Oan elkenien dy't bydroegen hat: hertlik tank. It échte wurk kin no begjinne!

# Identiteit

Fryslân as mienskip is ûntstien en ûntwikkele troch frijheidsstriid, ienriedigens en gearwurking. Dat makket dat ús lykwaardige mienskip draait op betrouberens, ferantwurdlikheidsgefoel en eigensinnigens. Bewâld is hjir net sintraal, mar krekt kollektyf. Wy libje yn lytsere mienskippen en wurkje graach gear as it kin. Us dwersbongelerij? Dy sette wy mar al te graach yn om earne foar te striden. As it om kollektyf belang giet, wurkje wy mei hiel ús hert en sette wy de skouders derûnder. De kollektive wekflam stiet yn Fryslân altyd oan. Mei koarte linen krije wy in hiel soad foarinoar. Wy kinne op elkoar oan: in wurd is in wurd, in ôfspraak in ôfspraak. Kwaliteit is fanselsprekkend, earst dan is it 'bêst genôch'. Dat foarmet de basis foar de Fryske iepen mienskip.



# Identiteitsdragers

Fryslân en it iepen lânskip binne nau meimekoar ferbûn. De Waadeilannen, de Waadsee, de iepen terp- en klaai-lânskippen, de Iselmarkust, it Marregebiet en de Fryske Wâlden. Rike natuer, yn harmony mei de karakteristike Fryske doarpen en de alve stêden. De Friezen wiene en binne altyd nau ferbûn mei it lân en it wetter. It foarme net allinne Fryslân, mar ek de Fryske mentaliteit, en dêrmei de kultuer, ekonomy en mienskip. De Fryske identiteit is alle dagen te fielen yn ús eigen taal, tradysjes, sporten en rike skiednis. Dy libbene symboalen ûnderskiede Fryslân fan (de rest fan) Nederlân en soargje foar dielde grutskens.



# Merkessinsje

Yn kööperaasje Fryslân wachtsje wy net ôf,  
mar sille wy sêls en mei-elkoar oan 'e slach  
om it goede te dwaan: **sels mei-inoar dwaan.**

**Sels**

Selsstjoerend

**Mei-inoar**

Koöperatyf

**Dwaan**

Betsjuttingfol



# Selsstjoerend

Posityf dwers · nochter · autonoom · ûndernimmend

De oanpakkersmentaliteit seit him sels yn Fryslân. Wy wachtsje net oant oaren mei harren oplossing komme, mar sille earst sels oan 'e slach. Dat dogge wy op ús eigen manier. Faak krekt wat oars as earne oars. As de romte der net is, nimme wy dy dochs.

Begripen as 'bottom-up', 'agile' en 'triple helix' bringe wy yn Fryslân ûnbewust al iuwen yn 'e praktyk: wy begjinne út ús eigen krêft en oertsjûging wei en organisearje wat nedich is. As wy der allegearre baat by hawwe, sette wy de skouders derûnder. Dan pakke wy oan en pakke wy troch. Fine wy logysk.



# Koöperatyf

Ferbinend · fan wjerskanten · ienriedich · lykweardigens

“  
Yn Fryslân is de ferbining  
duorsum. As wy ienkear  
yn kontakt binne, is dat  
foar de lange termyn.

”

Wy wurkje as mienskip mei-elkoar en soargje foarelkoar. Wy sjogge it as wat goeds dat wy inoar elkoar nedich hawwe en sykje elkoar dêrom graach op. Oftst no in bekende of ûnbekende Fries bist, de boargemaster of de bakker, hjir geane wy op deselde manier mei dy om. It kontakt is leechdromplich en sûnder franje.

Mei dy koarte linen krije wy in soad foarinoar: ynspannings begjinne lyts en kinne grut wurde. Wy hawwe betrouwen yn elkoar en witte eigenbelang en mienskiplik belang goed te kombinearjen. Faak komt dat op itselde del. Omdat wy elkoar it súkses gunne, ûntsteane der krúsbestowings tusken minsken en sektoaren. Dat bart al iuwen en sil altyd wichtich bliuwe foar Fryslân.

“  
Wy hawwe ús  
hert nedich om  
yn beweging te  
kommen  
”

# Betsjuttingsfol

Sinfol · wêzentlik · grutter gehiel · yntrinsyk

Yn Fryslân geane wy ‘oan’ as eat ús sinfol liket. Benammen as it wichtich is foar it gruttere gehiel. Méár is hjir net altyd better: wat goed is, moat écht goed wêze. Wy soargje der graach foar dat elkenien der baat by hat. Brede wolfeart en in goede balâns tusken ûntjouwing en rêst. It giet yn Fryslân net om de stip mar om de hoarizon.

Us fernimstigers sette wy yn om ús leefomjouwing te ferbetterjen. Dêr wurde wy sûner en lokkiger fan. Dat is wichtich foar de provinsje, mar ek foar Nederlân en de rest fan de wrâld. De oplossings dy’t wy hjir betinke kinne faak oeral tapast wurde. Wy geane dêrtroch mei yn ‘e feart fan ‘e folken en bliuwe tagelyk ticht by ússels. Wy wolle net allinne dingen goed dwaan, mar ek de goede dingen dwaan. Wat wy hjir dogge, moat derta dwaan.



Wolsto mear witte en oan 'e slach  
mei de Fryske merkposjonearring?

Nim dan kontakt op fia  
[merkregisseur@ipf.frl](mailto:merkregisseur@ipf.frl)

sels  
mei-inoar  
dwaan